

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 42 Reglemint fan Oarder 2021**

Rjochte oan DS / lid DS	Fokkens en Hoogland
	Underwerp: ekologysk behear provinsjale bermen
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn 2011 is in oar meanbelied fêststeld foar de provinsjale bermen. Feiligens stiet dêrby foarop, mar tagelyk ek in ekologysk bermbehear mei mear blommen en flinters, twa kear per jier meane yn stee fan faker, stroken stean litte foar floara en fauna. Mei it nije yntegrale meanbelied koe ek in grut bedrach fan likernôch € 150.000 per jier besparre wurde.</p> <p>Yn PS 26 maaie 2021 is it nije Provinsjaal Programma ferbettering Bioferskaat fêststeld.</p> <p>Noch hieltyd krije wy as polityk fragen fan boargers dy't har steure oan it meanbelied. Rûchwei de iene helte wol dat alles 'netsjes' en keal is, de oare helte steurt him der oan dat de ekologyske stroken mei blommen ensfh. 'rücksichtslos' troch leanbedriuwen en Rykswettersteat plat meand wurde. Guon miene te sjen dat it de ferkearde kant út giet mei dit meanen.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Kloppet it dat der de lêste tiid wer folle mear fan de bermen, sleatskanten en oerhoeken meand wurdt as der earder ôfpraat wie? Hokker oarder fan grutte (m2) hawwe wy it dan oer?2. Kinne jo oantoane dat it ôfprate bermbehear, wêrûnder it ekologyske aspekt, noch hieltyd skerp en neffens de oarspronklike ôfspraken útfierd wurdt troch de leanbedriuwen en oaren? Graach jo ûnderbouwing.3. Komme der nije wurkôfspraken foar it bermbehear nei it fêststellen fan it Programma Bioferskaat? Sa ja hokker?4. <ol style="list-style-type: none">a. Kinne jo oanjaan hoefolle ynsidinten der de lêste fiif jier west binne mei te betiid of ferkeard meanen?b. En wat de ekologyske foarútgong west hat mei it bermbehear, bygelyks oantoand mei resint ekologysk ûndersyk?c. Kinne jo ek oanjaan oft de oarspronklik foarspegele kostenbesparring realisearre is?d. Op hokker wize wurde ynsidinten, kosten en ekology monitord?5. Binne jo mei ús fan miening dat it tsjinstridich oerkomt dat de Provinsje in soad publisiteit jout oan it Programma

	<p>Bioferskaat, bijenlinten ensfh., dy't ek al aardich wat jild koste hawwe, wylst der mooglik troch minder te meanen neffens de doelen fan 2011 itselde resultaat helle wurde kin?</p> <p>6. Binne jo noch hieltyd mei ús fan doel om fol yn te setten op yntegraal en ekologysk bermbehear, foar natuer, duorsumheid, lânskip, lânskipsbeleving en biodiversiteit? Wat dogge jo konkreet om leanbedriuwen, gemeenten en it Ryk hjir yn mei te krijen c.q. wer op te skerpen?</p>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening)
	FNP, Wopke Veenstra

Datum	11 juny 2021
-------	--------------